



**Moasje frjemd oan de oarder fan de dei om it mooglik te meitsjen om yn Waadhoeke as BABS foar 1 dei beneamd te kinne wurden, foar immen dy't it (breids)pear sels keazen hat.**

De gemeenteried fan Waadhoeke byinoar yn de riedsgearkomste fan tongersdei 8 april 2021,

**Konstatearjende dat:**

- Yn Waadhoeke it net mooglik is om 'Buitengewoon ambtenaar burgerlijke stand' (Babs) foar ien dei te wurden, foar immen dy't it (breids)pear sels keazen hat;
- Yn in tal oare gemeenten en bygelyks Ljouwert en Swol dizze mooglikheid wol bestiet;
- Ynwenners yn dy gemeenten dêrtroch de mooglikheid hawwe om harren houlik/ registrearre partnerskip troch in persoan slute litte te kinnen, dy't se sels keazen hawwe.
- Yn Waadhoeke der allinnich dy mooglikheid is as it om in BABS út in oare Nederlânkse gemeente giet. En de beneaming en beëdiging net ferrûn binne.

**Oerwaagjende dat:**

- In protte stellen ferlet hawwe om harren (trou)dei nei eigen winsk yn te rjochtsjen;
- It sels kiezen fan in persoan dy it houlik slút dêr ûnderdiel fan is;
- De ynfiering fan in 'Babs foar ien dei' foar de gemeente kostenneutraal trochfierd wurde kin, as de ekstra kosten foar de gemeente en de beëdiging fan de Babs yn de leges trochberekkene wurde.

**Fersiket it Kolleezje:**

- It reglement Burgerlijke Stand Waadhoeke 2019 sadanich oan te passen en leges fêst te stellen, sadat it yn Waadhoeke mooglik wurdt om 'Babs foar ien dei' te wurden;
- De oanpassingen sa gau as mooglik troch te fieren en úterlik foar 1 jannewaris 2022.

En giet oer ta de oarder fan de dei

Nammens de Waadhoeke fraksjes fan FNP, Gemeentebelangen, VVD, Christenunie, SAM en CDA